

# DE GRUTTE GRIENE GRIZEL



## 1. LIT DY GEAN

**Taaldoel:** Kin in Frysk petear oer it ferhaal begripe en meidwaan oan it petear.  
**Byldzjend doel:** In grizelich bist meitsje fan blêden yn ferskillende foarmen.

**Nedich:** Aaidoaskes/oare doaskes/ferpakkingen, blêden, gers, lytse tûkjes, grûn, crêpetape/ skilderstape, lym, plakeachjes.

- 1.Ynlieding:** Lês it earste diel fan it boek foar, oant mem Kikkert ferskynt. In stim seit: 'Ik bin de Grizel, grut en grien!' Lês it ferhaal noch net út. Freegje oan de bern: 'Wa soe der yn Knyn syn hol sitte? Hoe soe hy of sy derút sjen?'
- 2.Kearn:** De bern meitsje in 'Grizel, grut en grien en akelich gemien' yn in hol. Lit de bern in lyfke 'puzelje' troch mei blêden te skowen en dan fêstplakke. Dêrnei kinne se noch wjukken/poaten/bek of... tafoegje. Plakeachjes kinne de grizel ôfmeitsje.
- 3.Presintaasje:** Besjoch de grizels mei-inoar en praat deroer yn it Frysk. Wêr sjochst oan dat se grizelich of gemien binne? Watfoar taal prate se? Watfoar lûden meitsje se? Wat roppe se noch mear?

## 2.FERHALEPRAAT

**Taaldoel:** Kin it ferhaal begripe.  
**Ynhâldsdoel:** Ynlibje yn it ferhaal fan de Grutte Griene Grizel.

- 1.Ynlieding:** De 'Lit dy gean'-les gie oer de Grutte Griene Grizel. De bisten waarden bang troch syn stim! Se hiene dy noch noait heard. Lit de bern noflik sitte (of lizze) en lústerje nei de lûden om har hinne. Wat hearre se? Ha se de lûden wolris earder heard?
- 2.Kearn:** Lês it printeboek 'De Grutte Griene Grizel' foar. Bepraat it ferhaal op de 'Fertel ris' manier. Ofslutende fragen kinne wêze: Hoe klinkt de stim dêr't elkenien bang foar is? Hoe klinkt 'grizelich'?
- 3.Ofsluting:** Sjoch nochris nei de platen yn it boek. Wa kin op in grizelige manier de Fryske sin (mei)-sizzes dy't de Grizel hieltyd seit? Werhelje de lústeroefening fan de yntroduksje as de groep in kear bûten is: Watfoar lûden hearre de bern no? Hearre se lûden dy't by de natoer hearre?
- 4.Ekstra:** Yn it boek Tsjilp! steane in oantal gedichten dy't passe by it tema fan it boek 'De Grutte Griene Grizel': 'Earebarre' en 'Biddende wikel'. Lês de gedichten foar oan de bern. Lis drege wurden út. Praat oer it gedicht mei de bern op de 'Fertel ris' manier.  
By it gedicht 'Fragen oan 'e earebarre':  
- Is it spannend/grizelich om op sa'n heech plak in nêst te bouwen?  
By it gedicht 'Oan in biddende wikel':  
- Wêr is de wikel bang foar?  
- Wêr is de skriuwer fan it gedicht bang foar?  
- Wat doarre de bern net?  
- Ha se wolris wat dien dat se eins net doarden? Hoe gie dat?

## 3.PRAAT MAR TOANIEL

**Taaldoel:** Kin de koarte Fryske sinnen dy't by it spultsje hearre begripe en brûke.  
**Ynhâldsdoel:** De taal belibje troch te spyljen hoe't de bisten har gedrage.

- 1.Ynlieding:** Midden yn de kring is in 'hol'. It is it hol fan Knyn út it boek. Wa wit noch wa't yn it hol fan Knyn siet? En wa stiene foar it hol?
- 2.It spultje:** De bern sitte yn 'e kring en yn it hol sit Lytse Kikkert. Lytse Kikkert seit: 'Ik bin de Grizel, grut en grien, en ik bin akelich gemien.' De learkrêft wiist ien fan de bern oan om nei it hol ta te slûpen. De bern freegje: 'Klop, klop, wa stiet hjir foar dyn hol?' De learling by it hol makket it lûd fan ien fan de bisten út it boek. Lytse Kikkert riedt wa't dat is. As dat slagget rinne alle bern as in kat, bear, oaljefant, knyn of kikkert in rûntsje. Dan docht Lytse Kikkert de hannen wer foar de eagen en mei de folgjende. Slagget it net, dan mei Lytse Kikkert sjen en meie de oare bern helpe. Se kinne it lûd nochris mei-inoar meitsje of bewege as it bedoelde bist. Wikselje de rol fan Lytse Kikkert ôf.
- 3.Ofsluting:** As se yn it boek witte dat de Grutte Griene Grizel eins Lytse Kikkert is, moatte se hiel hurd laitsje. Laitsje mei de bern as in knyn, kat, bear, oaljefant en kikkert. Hoe klinkt dat? Fariaasje: It spultsje kin ek oer oare bisten en bistelûden gean.

## 4. TINK DY TÛK

**Taaldoel:** Kin sizze wat hy/sy tinkt (yn petear B1).  
**Ynhâldsdoel:** Wizer wurde oer it begrip 'bang' en ûntdekke, troch dêroer te praten en nei inoar te lústerjen, dat net elkenien dêr itselde oer tinkt.

- 1.Ferwûnderje:** Lit it boek wer sjen of lês it nochris foar. Yn it boek wisten de bisten earst net wa't yn it hol siet, se hearden in lûde stim en dêrtroch wiene se bang.
- 2.Filosofearje:** Kies ien fan ûndersteande fragen as startfraach. Jou djipgong yn it petear troch ien fan de oare fragen te stellen.
  - Kinne minsken ek bang wêze foar wat se net sjen kinne?
  - Binne bisten faker bang yn de natuer as grutte minsken?
  - Binne bern faker bang yn de natuer as grutte minsken?
  - Hoe wit ien dat er bang is? (Wêr kin ien dat oan fermimme?)
  - Wat is eangstiger: ien net sjen of in lûde stim hearre?
  - Wat as alle minsken en bisten altyd bang wiene?
- Slút it filosofearjen ôf troch koart gear te fetsjen wat de bern sein hawwe.**
- 3.Ferankerje:** Lit de bern in tekening meitsje oer wat bepraat is.

## 5. MEARTALIGE TAALRÛNTE

**Taaldoel:** Kin yn it Frysk it ferhaal fertelle dat op de tekening stiet en de relaasje tusken tekst en tekening begripe.  
**Ynhâldsdoel:** Eigen ûnderfiningen keppelje oan de begripen 'spannend' en 'grizelich' en dy werjaan yn in ferhaaltekening.

- 1.Ynlieding:** Sjoch mei de bern werom nei de Tink-dy-tûk-aktiviteit. Dy gie oer bang wêzen. Lit it boek sjen. Witte de bern noch dat Lytse Kikkert hieltyd sei 'Ik bin de Grutte Griene Grizel...'? De oare bisten fûnen dat hiel spannend!
- 2.Praatrûnte:** Fertel as learkrêft in eigen ûnderfiningsferhaal oer in spannende belevenis yn de natoer. Tink bgl. oan kuijerje yn it tsjuster, sliepe yn in tinte, nuvere lûden, ensfh. Freegje dêrnei oan de bern wa't ek wolris wat spannends meimakke hat yn de natoer of bûtendoar.
- 3.Tekenlistje meitsje:** Lit de bern in tekenlistje meitsje mei situaasjes wêryn't se wat spannend fûnen. Lit se nei it tekenjen yn twatallen dêroer fertelle.
- 4.Tekening meitsje:** De bern kieze ien situaasje fan harren tekenlistje út. Dêr meitsje se in grutte tekening by, op in fel papier dat past yn de kamishibai (it fertelkastke). De learkrêft skriuwt harren ferhaal by de tekening.
- 5.Ofsluting:** Alle tekeningen/ferhalen wurde sammele. De tekeningen wurde sjen litten yn de kamishibai en de bern fertelle it ferhaal dêrby.

## 6. DE FAK-TAALFORMULE

**Taaldoel:** Leare Fryske wurden foar skaaimerken fan (gefaarlike) bisten.  
**Ynhâldsdoel:** Ferskate skaaimerken fan gefaarlike bisten kenne.

- 1.Ynlieding:** Lit it boek sjen. Witte de learlingen it ferhaal noch?
- 2.Petear:** Praat oer gefaarlike bisten. Wannear is in bist gefaarlik? Sjogge gefaarlike bisten der altyd gefaarlik út? Hoe kinne bisten gefaarlik wêze of gefaarlik lykje? Lûd, uterlik, tosk, gif...)
- 3.Utbyldzje:** Lit de bern de skaaimerken fan gefaarlike bisten neidwaan. Op YMU webside fynst ferskate filmkes.
- 4.Meitsje:** De bern meitsje in fantasy bist fan karton. Foaral de omtrek moat der gefaarlik útsjen! Nim in wyt lekken en in felle lampe. Hâld it bist tusken de lampe en it lekken. No kin elk it skaad fan it gefaarlike bist sjen.
- 5.Ofsluting:** Tink mei-inoar nei oer de fraach: Watfoar bist seach der it gefaarlikst út en hoe koe dat? Ekstra: Lit in ferhaal betinke en spylje mei de gefaarlike bisten.

## 7. DE INKTFLUENCER

**Taaldoel:** Kin in ienfâldich gedicht skriuwe (skriuwe A2).  
**Ynhâldsdoel:** In riedselgedicht/riedseltekst meitsje mei in tekening.

- 1.Ynspiraasje:** Lês de bekende sin út it boek foar: 'Ik bin grut en grien, ik bin akelich gemien!' Lit de bern yn twatallen beprate hokker wurden der rymje (grien, gemien). Lit de se dêrnei yn twatallen oare wurden betinke dy't dêr ek op rymje (stien, dien, bestien, gjinien, tsien, ...). Bepraat de antwurden.
- 2.Ferwûnderje:** Fertel dat dit in riedselrym is, in gedicht mei in riedsel. Witte de bern it antwurd op dit riedsel? Fertel in oar riedselrym: "Ik bin swart en wyt, gers, dat is wat ik yt." Lit de bern yn twatallen riede. It goede antwurd is: in ko.
- 3.Meitsje:** De bern meitsje sels in riedselrym/riedseltekst. Wurkwize: a.De bern betinke in bist dat yn in hol sit. b.Se tekenje it hol en it bist. c.Se beskriuwe it bist oan de learkrêft. Dy skriuwt dat op in stik papier. d.Plak dit stik papier mei it riedsel as in flapke mei in stikje plakbân oer it hol en it bist op de tekening. As it flapke ticht is, sjochst it riedsel. As it flapke iepengiet, sjochst it bist yn it hol.
- 4.Bewûnderje:** Lit de bern harren riedsels oan elkoar 'foarlêze'. Kinne de oare bern riede watfoar bist der yn it hol sit?

## 8. DE FERTELTADEL

**Taaldoel:** Kin in plan of idee betinke en dat beprate.  
**Ynhâldsdoel:** Mei-inoar in ferhaal spylje mei sammele materialen.

- 1.Foarlêze:** Soarchje derfoar dat it boek in pear kear foarlêzen is.
- 2.Ferteltafel ynrochtsje:** Bepraat mei de bern wat der nedich is om it ferhaal nei te spyljen mei materialen. (Bygelyks in grot fan klei, gers fan in grien kleed, in beam fan tûken,...).
- 3.It ferhaal neispylje oan de ferteltafel:** Earst de juf, dan de juf mei in bern en ta beslút de bern selsstannich.
- 4.Ferdjipping suggestjes:** De bern heakje sels persoanen of eleminten ta oan it ferhaal (bygelyks de grizelbisten dy't de bern makke ha by 'Lit dy gean', de bern betinke in alternatyf ein en spylje dit nei. Tip: Lit de bern inoars ferhaal filmje. Meitsje in QR koad fan it filmke, sadat bern de filmkes weromsjen kinne, bygelyks yn de lêshoeke.



# DIDAKTYSKE OANWIZINGS

## PRAAT MAR TOANIEL!

Praat Mar Toaniell bestiet út in rige fan 12 kant en kleare boekjes, mar foar dizze Berneboekewike sille bern earst sels yn groepkes de teksten skriuwe.

De didaktyk hjirby is:

- 1.It haadstik út it boek goed lêze,
- 2.It haadstik mei elkoar beprate,
- 3.Yn groepkes de sênes skriuwe,
- 4.Elkoar de sêne lêze litte,
- 5.Tips en tops freegje,
- 6.De sêne ferbetterje,
- 7.De rollen ferdiele,
- 8.De sêne lêze en wer lêze,
- 9.Presintearje.

## TINK DY TÛKI!

- 1.Gean mei de bern yn 'e rûnte sitten (en lis de filosofyske tinkmatte yn it midden, ast dy hast).
- 2.Ferwûnderje. Lês in fragmint foar út it boek, fertel it haadtema.
- 3.Stel de filosofyske haadfraach.

4.Ha in filosofysk petear mei de bern. Stimulearje de bern om earst nei de tinken oer de fraach en dan antwurd(en) te jaan. Jou net sels dyn miening. Jou djipgong oan it petear troch tuskentoch Sokratyske fragen te stellen: Wat bedoelst? Kloppet dat? Jildt dat ek foar...? Kin it tsjinoerstelde wier wêze? Stel dy foar dat...? Jou djipgong yn it petear troch ien fan de oare fragen te stellen; problematisearje it petear.

4.Slút it petear ôf as de konsintraasje op is en/of de plande tiid foarby is. Brûk foar de ôfsluting de konklúzje- en evaluaasje-fragen: Kinne we ta ien antwurd komme op de haadfraach? Binne we wizer wurden? Wa tinkt wat oars as yn it begjin? Hoe gie it petear? Binne der argumenten jûn. Hat elkenien goed lústere? Waard der op inoar reagearre (wiene fingers net nedich)? Seagen jimme elkoar oan (ynstee fan de learkrêft)?

## DE INKTFLUENCER TIPS

Tink as in dichter:

1. Skriuw koarte rigels! (Net mear as tsien wurden...)
  2. Smyt wurden fuort! (Lykas: en, ek, om't en doe...)
  3. Skriuw filmysk! (Lit wat sjen, hearre, rûke, fiele, priuwe,...)
  4. Pas op foar de rymsykte! (Miskien 1 of 2x iepeningsrym, of middelrym...)
  5. Lit it klinke as muzyk! (Werhelje wichtige wurden of sinnen...)
  6. Sis it oars as oars! (Sprek yn ôfbyldings en fergelikingen...)
  7. Skriuw mei in ritme! (Kinst op de wurden rinne ast it foarlêst...)
  8. Skriuw lege rigels! (Soms binne kûpletten nuttich...)
  9. Brûk apps, wurdboeken en oersetmasines, Frysk taalweb! (Brûk meardere tagelyk...)
- Lês foar as in dichter:
1. Rjochtop stean, op twa fuotten. 2. Begjin net daliks. Helje azem en sjoch om dy hinne.
  3. Lês stadich, it giet gau te fluch! 4. Wachtsje efkes tusken de rigels, alinea's of kûpletten.
  5. Praat net te séft. 6. Sjoch net allinich nei de tekst. Sjoch sa no en dan nei it publyk.

## LIT DY GEAN!

- Soargje foar in ynspirearjende yntroduksje dy't in appèl docht op meardere sintugen troch te fertellen, foar te lêzen en bylden sjen te litten lykas plaatsjes, keunst en foarwerpen.
- Betink beskôgingsfragen om bern goed waarnimme te litten. Doch dat yn it Frysk. Moedige bern bewust oan om gebrûk te meitsjen fan ferskate talen, sawol ferbaal as non-ferbaal; fysyk en byldzjend. Jou romte oan eigen assosjaasjes fan bern.
- Kies passend en útdaagjend materiaal. Lit de bern it materiaal útprobearje. Wat is der mooglik mei dit materiaal?
- Lit jonge bern fertelle oer harren wurk en notearje dat op in apart blêd of label. Lit âldere bern by it wurkstik in titel, beskriuwing, ferhaal of gedicht skriuwe.
- Praat noch efkes nei. Freegje bern nei harren bedoeling, nei wat dreech wie en wat (ûnbedoeld) dochts goed slagge is.

## DIDAKTYSKE OANWIZINGS MEARTALICHHEID

De lessen binne rjochte op it Frysk praten, lêzen en skriuwen. Ast as skoalle bern hast mei in ferskillende eftergrûn en de lessen mear fanút 'meartalichheid' oanleane litte wolst, kinst dat op de ûndersteande manieren dwaan:

- Daagje learlingen út om yn it Frysk te reagearren, te lêzen of te skriuwen. (Mocht dit noch lestich wêze, dan kin dat ek allinnich mei wurden ynstee fan hiele sinnen.)
- Frysktalige bern kinne de minder Frysktalige bern helpe; lit bern bygelyks in Frysktalige tekst tegearre lêze.
- Hast in klasse mei NT2 learlingen, lit de bern dan wichtige wurden yn har eigen taal beneame of skriuwe.
- Set foar it Frysk de app 'Oersetter' yn of [www.frysker.nl](http://www.frysker.nl) of [www.oersethelp.nl](http://www.oersethelp.nl).

## MEARTALIGE TAALRÛNTE

Lit de bern yn 'e rûnte sitte en folgje de stappen fan de Taalrûnte yn 'e beskreaune folchoarder hjirûnder:

- 1.Koart rûntsje: Lit alle bern yn ien wurd of koarte sin antwurdzje.
- 2.Yntroduksje ûnderwerp: Fertel sa byldzjend mooglik in eigen ûnderfining.
- 3.Koarte fertelrûnte: Lit twa of trije bern antwurd jaan op de startfraach.
- 4.(Tekn)listje: Lit de bern in listje meitsje (yn wurden of sketskes).
- 5.Twatal petear: Lit de bern yn twatalen elkoars list fertelle. De ferteller fertelt hiel detaillearre en de harker krijt in harkopdracht.
- 6.Skriuwoopdracht: De bern skriuwe it ferhaal. Fertel se dat it giet om it skriuwen fan it ferhaal en net om stavering en grammatika, dat komt letter.
- 7.Foarlêzen: Lit ien of twa bern harren tekst foarlêze. Jou as learkrêft tips, tink derby oan de skaaimerken fan it sjenre dat sintraal stiet. Lit de bern ek tips en tops jaan.
- 8.Besteegje op in oar momint omtinken oan it redigearjen en it publisearjen fan 'e tekst.

## FERHALEPRAAT

- By ferhalepraat giet it om it praten oer boeken, gedichten of ferhalen. De klam leit op de belibbing fan de bern, antwurden binne dêrom nea ferkeard!
- Do begjinst mei de de fjouwer basisfragen: wat fynst moai? Wat fynst net moai? Wat begrypst net goed? En hokker patroanen sjochst?
- Dêrnei listst de bern mei-inoar prate oer wêr't se ferskillend oer tinke.
- As learkrêft begeliedst it petear, joust net dyn eigen miening mar dagest de learlingen út om te fertellen wat sy tinke.
- Dat lêste kinst dwaan troch ferdjipjende fragen te stellen, sa as: Wiene jimme it mei-inoar iens? Wat bedoelst krekt? Fertel ris.....Kinst dat werom lêze yn it boek/ it ferhaal? Freegje nea: 'Wêrom?'
- As bern net wend binne om op sa'n manier mei-inoar te praten, hawwe se tiid nedich om dêr oan te wennen.

## FAK-TAALFORMULE

By de Fak-Taalformule giet it om de kombinaasje fan taaldoelen en ynhâldsdoelen. It is wichtich om as learkrêft foar it begjin fan de lessen (searje) nei te tinken oer de beide type doelen. Hjirby kin it brûken fan ferskate talen prachtich op inoar oanslute! By alle stappen kinne je as learkrêft hieltyd wer kieze mei hokker "meartalige bril" je nei de opdracht/ferwurking sjogge.

De Fak- Taalformule bestiet út 4 stappen:

- 1) De bern motivearje foar it learen en besteande kennis aktivearje.
- 2) Ferskate foarmen fan ynput sykje om de ynstruksje te ferdûlikjen.
- 3) De bern sels aktyf oan 'e slach gean litte.
- 4) Tsjekke oft de taaldoelen én de ynhâldsdoelen helle binne.

BETINK BY DE TARIEDING BY HOKKER STAPPEN IT FRYSK BRÛKT WURDT!

# GI-GA-GROEN

SJOCH FOAR MEAR YNFORMAASJE OP: [WWW.INSPIRERENDMEERTALIGONDERWIJS.NL](http://WWW.INSPIRERENDMEERTALIGONDERWIJS.NL)